

Wa't skriuwt dy bliuwt Jelle Brouwer en de politisearring fan de Fryske literatuer

Friduwih Riemersma

Summary

This pilot research aimed to discern various types of politicization in Frisian literature. My hypothesis was that Frisian literature has always been politicized, as a consequence of the Frisian struggle for cultural autonomy with which Frisian literature was connected. To identify the types of politicized authorship, a qualitative analysis has been performed on a random sample of forty texts of the writer, man of letters and politician Jelle Hindriks Brouwer. Four types of authorship emerged from the material, along the dimension form – content and the dimension harmony – controversy. The authorship involving harmony appeared very convincingly from the texts, often in the form of the expectation that Frisia is glorified. The authorship of harmony is interpreted as depoliticized authorship. As a result, the hypothesis cannot be affirmed. The implications for Frisian literature of its depoliticization are critically discussed.

Ynlieding

Politisearring fan literatuer is in saak dêr't de keunst likegoed as de wittenskip wat omhinne rint. It algemiene tinken by de skriuwers is dat hja wol bewust hearre te wêzen fan har wrâldske situaasje en de politike issues op de ien of oare manier eksplisyt meitsje moatte yn har wurk. Oan de oare kant soe keunst in heger wêzen en in gruttere taak hawwe as de politike realiteit te becommentariearjen.¹

'Is der sosjalistyske Fryske keunst?' freget Jelle Brouwer him ôf yn 1932. Syn antwurd is nee. Yn Troelstra syn poëzij soene dêrfan 'de oanrinnen en soms ek it slagjen' lizze, mar earst moatte wy 'de foarm net foar it wêzen nimme' en gjin literatuer mei sosjalistyske eleminten skriuwe sûnder te 'libje[n] út it sosjalisme, fûl en suver.' En twad moat de 'ferfrysing fan it sosjalistysk libben yn ús lân ... de mooglikheden skeppe.'² De klacht dat it iepenbiere libben, ynbegrepen, sa't Brouwer konstatare-

-
- 1 Y. Grenier, 'Milan Kundera on politics and the novel', *History of Intellectual Culture* 6:1 (2006) <http://www.ucalgary.ca/hic/issues/vol6/3> [krigen 9 jannewaris 2017].
- 2 J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Soasialistyske kinst yn Fryslân?', *It Forbân* (1932), 79-80, 80.

ret, it sosjalistyske libben, in Nederlânsktalich libben is, is net nij. Opmerklik is, dat Brouwer wiist op it wêzen fan de skriuwer ferbûn mei de politike funksje fan literêr wurk. Troelstra's wurk moat 'mooglikheden skeppe'; it is sosjalistyske literatuer.

Foar de wittenskipper is it dúdlik dat kultuer net in *sui generis* is dat de minske stjoert. Minsken meitsje de kultuer. Dêrút folget dat it 'wa mei it sizze' ynherint is oan it bouwen fan kultuer. Dus alle kultuer is polityk—lykas dat jo sizze kinne dat al it skriuwen polityk is, is it net bewust dan wol ûnbewust—en it polityk wêzen seit neat. Oaren sizze dat alle etnisiteit politike kultuer is, om't etnyske identiteit politisearre identiteit is.³ It beswier tsjin dy opstelling is dat dy it oprjochte gefoel fan de yndividu earne by te hearren oan 'e kant skoot. Kultuer soe méár wêze as strategy,⁴ dus ek in marzjinalisearre kultuer is net perfoarst politisearre.

Mar al is kultuer gjin etnysk dogma, politike lieder kinne, bygelyks omreden fan kulturele emansipaasje, kultuer politisearje.⁵ De deputearre fan kultuer rikte yn 2015 de Gysbert Japicxpriis sa út: 'Sawol it wikseljende fertelperspektyf ... as de meinimmend-lange sinnen binne fan in ûn-Fryske ... alluere.'⁶ De oerheid sjocht taal wol en literatuer net as in drager fan de Fryske eigenheid dy't it beskermje moat.⁷ Mar literatuer is weardefol, sa seit deselde deputearre op in boekpresintaasje yn 2016, om't in moai boek de taal ûnderstipet.⁸ Sadwaande is it skriuwen fan literatuer in aktiviteit mei in polityk karakter: de Fryske literatuer is politisearre.

-
- 3 Sjoch bygelyks F. Barth, 'Introduction', yn: F. Barth (red.), *Ethnic groups and boundaries: The social organisation of culture difference* (London 1969) 9-38.
- 4 Hobsbawm en Ranger (1983) en Anderson (1983) geane foar it meastepart oan it yndividuele, yntrapsychyske aspekt foarby.
- 5 S. Wright, 'The politicization of 'culture'', *Anthropology Today* 14:1 (1998) 7-15, 12.
- 6 S. Poepjes, 'Gysbert Japicxpriis 2015 voor e-bookroman', *Taspraak útrikking Gysbert Japicxpriis*, Boalsert 10 oktober 2015 <http://www.fryslan.frl/15557/gysbert-japicxpriis-2015-voor-e-bookroman> [krigen 31 maart 2015]. Oars as dat Poepjes seit, komme dizze wurden *net* út it advysrapport foar de Gysbert Japicxpriis; Poepjes hat it oardiel 'ûnfrysk' sels betocht. Sjochsjuerijrapport Gysbert Japicxpriis 2015 http://www.sirkwyl.nl/cms/FC-Keditor/cstmFiles/wwwsirkwyl.nl/pdf5_ynh_alg-nei-21-4-2013/gj_2015_advysrapport_frysk_definityf.pdf [krigen 31 maart 2016].
- 7 Provinsje Fryslân, *Mei elkenien, foar elkenien: Koällysjeakkoart 2015-2019* (Provinsje Fryslân 2015) [pdf-bestân], 22-24. De provinsje is oan it fuortsterkjen fan de Fryske eigenheid bûn troch it bestjoersakkoart mei de ryksoerheid, dy't op syn bar de Europeeske hânfêsten foar it beskermjen fan minderhedekultueren neilibje moat.
- 8 S. Poepjes, *Taspraak by boekpresintaasje yn Tresoar*, Ljouwert, op 16 april 2016.



Dat is net ferwûnderlik. De Fryske literatuer ken gjin lange tradysje.⁹ De Fryske taal waard in sprektaal doe't yn de sechstjinde iuw it Frysk as juridyske en bestjoerlike taal ferlern gie. Frysk ûnderwiis dat makke, hat der feitlik nea west; Latyn wie de universiteitstaal, der wiene Latynske en Frânske skoallen en fan 1800 ôf Nederlânske. It artistike skriuwen barde, op it poëtyske oeuvre fan in inkelde dwerslizzer as Gysbert Japicx nei,¹⁰ yn it Latyn en letter yn it Nederlânsk. It earste Fryske wurdboek kaam yn 1872, dat hie meastal de betsjutting derby yn it Latyn en gie mar oan "fear" ta—*pinna*.¹¹ Krekt yn de twadde helte fan de njoggentjinde iuw begûn der Frysktalige literatuer te ferskinen. Oer de faktoaren dy't de opkomst fan in eigen Fryske literatuer mooglik makken en fuortsterken, is noch ûndúdlikens by't soad. In algemien erkende fisy is lykwols dat de Fryske literatuer altyd mear of minder ferbûn west hat oan it stribjen nei bestjoerlike of kulturele autonomy. De Fryske literatuer hat altyd politisearre west. De fraach is hokker typen fan politisearring jo yn it Fryske literêre fjild ûnderskiede kinne.

Eftergrûn

De nauwe bân tusken polityk en literatuer is geregeldwei ûnderwerp fan stúdzje. Mar, al is de saneamde Fryske twaspalt sprekwaardlik¹²—tusken wat de literatuer foar *dy* betsjut en wat *sto* foar de Fryske literatuer betsjutte kinst—de politisearring fan de Fryske literatuer is net systematysk ûndersocht. Myn doel is de typen fan politisearring op te spoaren, troch tekstanalyze, nammentlik troch út harren tekst de posysjes dy't de auteurs ynnimme yn it literêre fjild oan te wizen.¹³ As kasus tsjinnet Jelle Brouwer. Fan syn HBS-jierren ôf, om 1915 hinne, oant syn dea yn 1980, dus sa'n 65 jier lang, yn in tiidrek dat de Fryske kultuer sterk yn beweging wie, hat Brouwer as auteur, skôger, sosjalist en letterewitten-

- 9 J.H. Brouwer, *Jan Jansz. Starter* (Assen 1940) 16.
- 10 En yn de achttjinde iuw Jan en Simen Althuysen, Johannes Hylarides, Foeke Sjoerds, D. Simonides en Durk Lenige, mar in soad is it net. It hânboek foar de Fryske literatuer *Zolang de wind van de wolken waait* neamt inkeld Jan Althuysen ienris, as de oanfolger fan de missende psalmoersettingen fan Gysbert Japicx, dus net as kreatyf skriuwer. (J. Krol, 'In de vaart der volkeren: Van 1915 tot en met 1945', yn: T. Oppedal et al. (red), *Zolang de wind van de wolken waait* (Ljouwert 2006) 93-130, 122.)
- 11 Joast Hiddes Halbertsma syn *Lexicon Frisicum*. A. Dykstra, *J.H. Halbertsma als lexicograaf. Studies over het Lexicon Frisicum (1872)* (Ljouwert 2011).
- 12 P., 'Fryske saken', *Leeuwarder Courant*, 17 july 1948, 5. 'It ynderlik bestean fan party Friezen wurdt faek fan in libbenslange twaspjalt toskuord.'
- 13 Kwalitative tekstanalyze. W.L. Benoit, 'Content analysis in political communication', yn: E.P. Bucy en R.L. Holbert (red.), *The sourcebook for political communication research: Methods, measures, and analytical techniques* (New York / Londen 2013) 268-279, 271.



skipper teksten produsearre. Teksten ferwize nei de auteur en syn sosjale rol.¹⁴ Dêrneist nimme wy oan dat politike posysjes ferbûn binne mei de auteur syn begryp fan syn eigen wurk, en dat der in relaasje is tusken dat begryp en de foarm fan de politisearring.¹⁵ Bygelyks portrettearje de romans fan James Joyce, en it is goed mooglik dat Brouwer it wist, in auteur dy't him fan de polityk fan syn naasje losmeitsje moat¹⁶ en yn balingskip gean.¹⁷ Wat ik hoopje te finen, is wêrom't Fryske auteurs dat yn it algemien net dogge—al kundigje guon it alle dagen oan.

Metoade

Kwalitative ynhâldsanalyze is geskikt foar de stúdzje fan massakommunikaasje, dus de analyze fan sinjalen en berjochten. Kwalitative ynhâldsanalyze is it meitsjen fan ôfliedingen út de tekst(en) troch de wei fan objektive en systematyske identifikaasje fan spesifisearre karakteristiken fan it boadskip.¹⁸ Ut de fariearre tekstuele data, krigen fan ien kasus, binne ynduktyf kategoryen ûntwikkele, sadat ynsjoch wûn is yn de politisearring fan de literatuer neffens dy kasus, Jelle Brouwer, en tagelyk in model boud waard fan de ûnderlizzende ideeën en prosessen dy't út de rûge gegevens nei foaren komme. Dêrby is de konstante komparative metoade fan Glaser en Strauss (1967) brûkt, dy ferklearret hoe en wêrom't it bestudearre sosjale ferskynsel 'wurket'.¹⁹

De stekproef is in blyn nommen rige²⁰ út de noch beskikbere, troch Brouwer as solist en net as ko-auteur skreaune, publike literêre teksten en teksten oer literatuer dy't 'De bibliografy fan Jelle Hindriks Brouwer

-
- 14 M. Foucault, 'What is an author?', yn: D. Bouchard (red.) *Language, counter-memory, practice: Selected essays and interviews by Michel Foucault* (Ithaca, NY 1977) 113-138, 115.
- 15 C. Morón Arroyo, *The humanities in the age of technology* (Washington 2002) 158.
- 16 As de Ierske haadpersoan derfan beskuldige wurdt dat er in 'West Briton' is, om't se syn bydragen oan in tydskrift sjogge as Britsk-sympatyk, anderet er: 'literature [is] above politics.' J. Joyce, 'The dead', yn: J. Joyce, *Dubliners* (Londen / Toronto / Sidney / New York 1981) 170.
- 17 J. Joyce, *A portrait of the artist as a young man* (New York 1916). Haadpersoan, alter ego en protret fan de auteur Stephen Dedalus seit: 'This race and this country and this life produced me I shall express myself as I am.' (237) 'I can, using for my defence the only arms I allow myself to use--silence, exile, and cunning.' (291)
- 18 Ole R. Holsti, *Content analysis for the social sciences and humanities* (Reading, MA 1969) 14.
- 19 B.G. Glaser en A.L. Strauss, *The discovery of grounded theory: Strategies for qualitative research* (New York 1967) 28-52; M.Q. Patton, *Qualitative research and evaluation methods* (Thousand Oaks, CA 2002) 453-454.
- 20 Brûkt is de Random Integer Set Generator, 2009-2016 <https://www.random.org/integer-sets>.

(1900-1981)' omfettet.²¹ Selektearre binne 41 teksten, dêr't ien net mear fan beskikber is. Mei-inoar binne 40 kodearienheden analysearre en dêrûnder 19 primêre en 11 sekondêre wurken. Dat de grutte fan de kodearienheden útinoar rint, fan 50 wurden oant 150 siden, makket net út, want út de teksten binne de segminten helle dy't betsjuttingsienheden befetsje, om dy tekstsegminten oan in (betsjuttingsfolle) kategory ta te wizen.²²

Prosedueres

De ynhâld wie net manifest, mar lei yn latinte patroanen. Dêrom ferrûn de analyzeproseduere yn fazen.²³ Earst binne de teksten iepen kodearre, troch wurden út de teksten te markearjen dy't kaaigedachten oer de skriuwersrol liken te fangen.²⁴ Om't út dy begjinanalyse it konsept 'tsjinstberens', nei foaren kaam, oantsjuttingen fan de dichter as moreel rolmodel en in sosjo-etsyske taak dy't men hjoed *sage writing* neame soe, is opnij kodearre mei help fan *cues*.²⁵ De basis dêrfoar foarme de histoaryske konseptualisearring fan skriuwerskip. Yn de achttjinde iuw wurdt literêre kultuer hieltyd mear yn ferbân brocht mei in elitemoraliteit en der komt in nije opfetting fan skriuwerskip, as it kreatyf foarmjen fan de sosjale moraal.²⁶ De autoriteit yn de literêre sfear berêst no op erkenning en prestiijsje.²⁷ Yn de teksten fan Brouwer haw ik dêrom socht nei

- 21 'De bibliografy fan Jelle Hindriks Brouwer (1900-1981)', Opmakke fan M.K. Scholten en Bauke van der Veen yn oparbeidzjen mei Teake Hoekema, *Us Wurk* [jierbondel] (1982), 30/130-84/184.
- 22 D.R. Thomas, 'A general inductive approach for analyzing qualitative evaluation data', *American Journal of Evaluation* 27:2 (2006) 237-246, 241.
- 23 S. Elo et al., 'Qualitative content analysis: A focus on trustworthiness', *SAGE Open* 4:1 (2014) 1-10 <http://sgo.sagepub.com/content/4/1/2158244014522633.full.print> [krigen 10 augustus 2016].
- 24 H.-F. Hsieh en S.E. Shannon, 'Three approaches to qualitative content analysis', *Qualitative Health Research* 15:9 (2005) 1277-1288, 1279.
- 25 P. Mayring, *Qualitative content analysis: Theoretical foundation, basic procedures and software solution* (Klagenfurt 2014) <http://nbn-resolving.de/urn:nbn:de:0168-ss0ar-395173> [krigen 11 augustus 2016], 79-80; C.E. Carroll, 'Content Analysis', yn: C.E. Carroll (red.), *The SAGE encyclopedia of corporate reputation* (Thousand Oaks, CA 2016) 156-159, 156-157; sjoch ek M.Q. Patton, *Qualitative research and evaluation methods* (Thousand Oaks, CA 2002), 454.
- 26 B.M. Benedict, 'Readers, writers, reviewers, and the professionalization of literature', yn: T. Keymer en J. Mee (red.), *The Cambridge companion to English literature, 1740-1830* (Cambridge 2004) 3-23, 16.
- 27 P. Bourdieu, *In other words* (Stanford, CA 1990) 22; sjoch ek P.-J. Proudhon, *Du principe de l'art et de sa destination sociale* (Parys 1865) 1-15.

yndikatoaren fan it morele fûnemint, dat de politike fisy ynformearret,²⁸ en fan de boarne fan de erkenningsposysje. It giet net om in deduktive oanpak fan in a priori model út of oan de hân fan in foardefinrearre rige aspekten. Iterative foartesten fan lytse poarsjes materiaal lieten dizze fariabelen sjen as wichtich: moraal fan trou, earlikens, suverens of yndividualisme, kondysjes foar skriuwerskip lykas ‘talint’, kennis en feardichheden, oare foarmen fan prestiizje of sosjale ferwachting en ferplichting lykas hege produksje of maatskiplike ferantwurdlikens, en oft it auteurskip nei foaren brocht wurdt as in yndividueel of relasjoneel ding.

In foarbyld fan it koadearjen fan de tekst op de fariabele fan ‘opfetting fan skriuwerskip as yndividueel of as relasjoneel’ is sa. Foar it ûnderskied is útgien fan de oanname dat skriuwerskip foar de skriuwer of it wurk net altyd like tagonklike teksten opsmyt, wylst skriuwerskip dat rjochte is op de oaren, oftewol in pragmatyske poëtika—it kombinearjen fan foarm en hanneling—ynhâldt, dat jo wat berikke wolle mei jo wurk. Dat moat dêrom in grut publyk oansprekke en bydrage oan it literêre dekoarum, it mei maniëristysk wêze mar nea ekstravagant, it moat yntellektueel te oersjen wêze, it moat alle mooglike ekstremen behearskje ta echtheid en normaalheid, frjemheid of dreechheid moatte omset wurde yn bekendheid en helderheid en gearhing moat op it plak komme fan paradoks.²⁹ It Leninisme stjoerde de keunst, dy ferkennend en sykjend west hie, werom nei tradisjonele, bravere foarmen dy’t begryplik wiene foar elkenien, op realistyske wize deistige sênes ferbylden en de partijdoelen ûnderstipen. Koartsein, foar relasjoneel skriuwerskip moat nonfiksje likegoed as poëzij de offisjele regels folgje fan gewoante, semantyk, nuchterheid en realisme.

De proseduere foar de oare fariabelen wie mear yntuïtyf. Sa ferwiist ‘Mar och, myn herte jage nea / Sa fûl as no, en sjoch / It is fen waerme wûnen rea’³⁰ nei it moreel fûnemint fan earlikens; yn de folgjende fersrigel motivearret it ûnrjocht de lyryske ik ta hoekhâlden. In foarm fan sosjale ferwachting is bygelyks dat de skriuwer eksintryk is of him just net antymaatskiplik opstelt; dat is faak út de tekst ôf te lieden. Nei it koadearjen fan de teksten wie de twadde faze it skeppen fan de kategoryen. De tredde faze wie it aksiaal koadearjen ta nominale kearnkategoryen.³¹

28 J. Haidt en C. Joseph, ‘Intuitive ethics: how innately prepared intuitions generate culturally variable virtues’, *Daedalus* 133:4 (2004) 55–66, 65 et passim <https://dx.doi.org/10.1162/0011526042365555> [krigen 11 augustus 2016].

29 Sjoch M.H. Abrams, *The mirror and the lamp* (London 1971) 14–21.

30 L. Feenstra [J.H. Brouwer], ‘Langstme nei rêst’, *It Heitelân* 1 (1919) 268.

31 D.B. Baarda et al., *Basisboek kwalitatief onderzoek: Handleiding voor het opzetten en uit-*



Ek koe ferkennd (manueel) de relative frekwinsje op de diminsjes fêststeld wurde.³² De kearnkategoryen binne yn in matriks formulearre, dat, útsein it foarkommen fan in kategory, ek ynformaasje jout oer de posysje fan dy kategory, dus oer it plak fan in type fan politisearring fan de literatuer.

It nivo fan ynterpretaasje en ekstrapolaasje fan de resultaten is oan de iene kant beheind ta wat de data talitte; oan de oare kant is it mooglik om trends te sjen dy't folle gruttere ynsjoggen oanwize.³³ As bygelyks it tema 'skientme' faak foarkomt, dan kinne jo foarsichtich ekstrapolearje dat de wearde fan in depolitisearre estetyk ek bûten de selektarre wurken fan Jelle Brouwer ûnderskreaun waard, dus yn syn hiele literêre fjild. Op sa'n wize liedt de ynhâldsanalyze ta in model fan de politisearring fan 'e Fryske literatuer.

Befindingen

Guon kategoryen fan skriuwerskip lieten har dúdlik sjen yn it materiaal fan Brouwer. Sa is de kearn fan it type bodder de ynset fan de skriuwer, dy't net sasear belangeleas is as wol inisjatyf- en humorleas, mei benammen in evangelyske taak: 'My ropt de striid en 't is my lok en nocht / To bodzjen oant de jûn.'³⁴ Ek bleaune in pear typen, bekend út de literatuerskiednis, dúdlik ôfwêzich, bygelyks de dissidint en it sjeny. Net-eksepsjonele skriuwerstypen wiene sterk yn 'e mearderheid; fan de skriuwer waard trochgeans net ferwachte dat er in radikale fernijer wie: 'Zij [de Fryske literatuer] zou wat meer durf, wat meer élan kunnen verdragen, een grotere intensiviteit in proportie met de ontwikkelingen onzer dagen, nog wat meer diepte en suggestieve verbeeldingskracht, nog wat minder conventionalisme.'³⁵ Faak kaam út de teksten de ferwachting fan skriuwerskip nei foaren, dat it wurk karakter jout oan it lân en syn bewenners, sûnder dat de estetyske faktor fan belang is. Like faak die in ferwachting bliken fan 'suver' estetysk, idealistysk, weardich wurk mei in stereotyp en unifoarm byld fan lyrisk ik en natuer.

voeren van kwalitatief onderzoek, 2e hielendal oanpaste printinge (Groningen / Houten 2009) 314-338; T.A. van Dijk, *Macrostructures* (Hillsdale, NJ 1980) 280-281.

32 W.L. Benoit, 'Content analysis in political communication', yn: E.P. Bucy en R.L. Holbert (red.), *The sourcebook for political communication research: Methods, measures, and analytical techniques* (New York / Londen 2013) 268-279, 271.

33 B.G. Glaser en A.L. Strauss, *The discovery of grounded theory: Strategies for qualitative research* (New York 1967) 1-6, 21-43.

34 J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Nei klearder kimen II, XII, XV, XVII, XVIII', *Frisia* 5 (1921) 21-23, XVII, 23.

35 'Prof. Brouwer sprak over de Friese literatuur', *Leeuwarder Courant*, 15 febrewaris 1954, 5.



Sentimint—‘Mar jouns op hûs ta heart er jonges sjongen, / Oer-âlde sang, en jowt him wiis tofrede’³⁶—en libbensechtens, i.e. imitaasje, net realisme, en goede smaak tekenen har klear ôf as betingsten foar in type fan skriuwerskip. Dat it om betingsten gie, die bygelyks bliken út dit sterk normearjende fragmint, as woe Brouwer de dichter better—moderner—dichtsjen leare: “Tamminga brûkt yn syn gedicht de wurden “pinsiele” ... , “tekenje” ... en “fyn beitele” ... en men soe se as karakterisearring fan syn eigen wurk nimme wolle as men net bang wie, dat dy foar ús al te folle in rêst, in stilstean betsjutte.³⁷ It jaan fan in ideaalbyld fan—faak de Fryske—natuer en minske is in ferwachting fan skriuwerskip dy’t sterk nei foaren kaam: ‘[D]e feiten ... springt er soms mar rûch mei om, hy gliidt ek wol wat lichtjes hinne oer de perioaden, dêr’t er leafst net al te folle mear oan tinkt; mar dit boek l i b e t, men sjocht der de man út oprizen, sa skerp en klear, it hoecht net oars.’³⁸

Mei-inoar lieten har fiif patroanen oanwize. Neist ‘kearn fan it skriuwerskip’ wiene dat moraal fan trou/rolmodel, oarder/suverens, foarútgong of yndividualisme; skriuwerskip wol of net foar it publyk; dekoratyf of provokatyf skriuwerskip; en oertsjûgingswize, patos, etos of logos. It logysk bondeljen fan de skriuwerstypen neffens dy patroanen, sadat de typen inoar útsletten likegoed as sûnder oerlaap opinoar oansletten, joech dizze typology.

- Funksjonaris

Noarm, dekoratyf, evangelysk, ‘krekt echt’, etos, modelbyld fan lân & bewenners:

‘Pleitet in dichter dan dochts it bêste foar lân en folk, as er neat oars docht as eigen moed te uterjen, sûnder opsetsin.’³⁹

‘Hij heeft niet getracht naar wat men hoog acht in ’t rijmen ... dit doel acht hij bereikt als het stuk de toeschouwers vermaakt heeft.’⁴⁰

‘[I]ntegendeel sluit hij zich in het amoureuze lied, in het bruiloftsgedicht, aan bij een reeds bestaande traditie.’⁴¹

- Publisist

Provokatyf, *tsjin* it publyk, realistysk byld, ynhâld, transformaasje, patos:

36 J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘De staech’, *De Holder* 2 (1927) 74.

37 J.H. Brouwer, ‘By in fers („It hart” fan D.A. Tamminga)’, *Algemiene Frysk Jongereinblêd* 4:20 (1943) 1.

38 B./J.H.B./J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘Nije boeken’, *It Heitelân* 27 (1949) 276.

39 J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘Jan Eisenga as Frysk skriuwer’, yn: J. Eisinga, *Jan Eisenga, strider en dichter, in bondel poëzij en proaza* (Drachten 1948) 5-8, 7.

40 J.H. Brouwer, *Jan Jansz Starter* (Assen 1940), 82.

41 Id., 17.

'Wa eigen taal en folk ferret, / Dy is de wiere Jakob net.⁴²

'Wy kinn' dat âlde lûd net mear ferneare.⁴³

'Us tiid ... de segekarre / Swaait stadich om op heallewei. // Hitler en Mussolini, Spanje / Kûgels yn Alexanders hert'.⁴⁴

- Pionier

Styl, autotelysk/sels, ôfwikende ferbylding, tentatyf, foarby de status-quo:

'Al lêzend en foar mysels ferklearjend kaam ik wat langer wat mear ta de oertsjûging...'⁴⁵

'Elts fers moat foar him in eksperimint west hawwe.⁴⁶

'Hij heeft ook heel wat vertaald: van Heliand tot P.C. Boutens, Rilke en Emily Dickinson; de keuze is juist voor deze dichter merkwaardig.'⁴⁷

- Esteet

Foarm, oarder, beskaving, logos, ideaalbyld fan minskdom, yn 't moed taaste:

'Yn prachtich lykwicht fan de balansearjende sinnen ... ek ritmysk is alles treflik.'⁴⁸

'O ús genietsjen wie sa hearlik ljocht, / Us wille wûnder swiid, ús ljeafde rein.'⁴⁹

'... de ontroering van de dichter, die weerklinkt in de diepe toon van de dichter.'⁵⁰

Sichtber waard doe dat de skriuwerstypen ferdield binne oer twa diminsjes, foarm-ynhâld en harmony-kontroverze.

De twa ûnderskieden aspekten fan in literêre tekst binne foarm en yn-hâld. Foarm is de sichtbere, 'hearbere' gearstalling, berikt troch struktuer, brûkte middels binne taal en benammen styl. Ynhâld is wat feitlik ôfbylde is, dus de essinsje en de betsjutting dy't wy út it wurk helje. De ynhâld komt fan de werklikheid, in oproppen werklikheid of beskreaune aktualiteit, de universele werklikheid fan it minsklik wêzen, in konkre-

42 J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Noch in sankje ta beslút', *It Heitelân* 18 (1936) 101.

43 J.H.B. [J.H. Brouwer], 'De mienskip ropt', *Drachtster Krante* [Drachtster Courant], 10 july 1945, 1.

44 J. [J.H. Brouwer], 'Us tiid', *It Forbân* 3 (1934) 97.

45 J.H. Brouwer, 'Ynlieding', yn: J. Hansen en J.H. Brouwer, *Frucht fan toarre groun. Fersen fan Johannes Hansen (1854-1877)* (Drachten 1960) 7-9, 8.

46 Ibid.

47 J.H. Brouwer, 'Obe Postma', yn: J.J.M. Aerts et al. (red.), *Moderne encyclopedie der wereld-literatuur* 7 Por-Schaw (Gent 1972) 14-15, 15.

48 Brouwer, 'By in fers'.

49 fen U.I.F.F. [J.H. Brouwer], 'Sonnet' (Wâldblomkes II), *Sljucht en Rjucht* 22 (1918) 295-296.

50 Brouwer, *Jan Jansz Starter*, 46.

tenien fan 'e minsklike kondysje, in teoretyskenien of ien ûntliend oan oerlevering of oan de kollektive ferbylding fan in beskate groep, beide op har bar ynspirearre troch de werklikheid. Foarm en ynhâld stean net yn kontrast; in literêr wurk hat altyd ferlet fan foarm én ynhâld. Mar de polariteit tusken skriuwerstypen ûntstiet troch de bân fan de ynhâld mei de werklikheid, hoe algemien of idealisearre dy ek ôfbylde wurdt. Want de bân mei de werklikheid makket dat elke skriuwer, likefolle syn eigen lot en posysje, te meitsjen hat mei it moreel gebod om him as skriuwer te ferhâlden ta de ymperfekte wrâld. De iene auteur sjocht syn eksistinsjele wearde as skriuwer yn in gruttere ferplichting ta syn artistike fisys, dy't omfetsje dat it kreative hanneljen suver is; de oare yn in gruttere ferplichting ta syn sosjale fisys, dêr't de skriuwer yn oanspraaklik steld wurdt.⁵¹ Dy oanspraaklikheid is lykwols rjochte op it hjir en no; it is de suvere artistisiteit, dy't—al hoe't de keunst ek yn 'e hoeke fan neutraal en frivoal set wurdt—altyd ferfrissele is mei prosesjen fan oerhearsking en emansipaasje, om't it it sichtbere fan it ûnsichtbere ôfbeakenet, it tinkbere fan it ûntinkbere en it mooglike fan it ûnmooglike.⁵² Koartsein: ynhâld is, mar foarm siket.

De skriuwerstypen op de diminsje harmony-kontroverze kontrastearje wol. Oan de iene kant stiet it skriuwen yn tsjinst fan in fêstige lichem of ideaal; oan de oare kant it frij bliuwen fan de artistike dogma's en sosjale machtsfoarming dy't organisearring mei him meibringt, sadat dit skriuwerstype sels in fokus fan kontroverze wurdt.⁵³ Skriuwers oan de kontroverzekaant sjogge har eksistinsje as keunstner yn 'e ferplichting om artistyk ôfsidich te bliuwen yn it belang fan de rebelly tsjin fêstigen, sadat hja 'dienstbetoon aan het eigen volk soms als hinderlijke belasting voelen en als hun eigenlijke taak niets dan het scheppen van schoonheid uitroepen'.⁵⁴ It skriuwerstype oan de harmonykant fan 'e dichotomy sjocht syn eksistinsje as skriuwer yn de plicht om gjin ûnderskied te meitsjen: 'Hy [de dichter] hat as sadanich syn beskieden, mar likegoed weardefol plak; ... hja foarmje mei-inoar de brede ûnderstream'.⁵⁵

51 N. Gordimer, 'The essential gesture: Writers and responsibility' [The Tanner Lectures on Human Values, jûn op de The University of Michigan, 12 oktober 1984], yn: N. Gordimer, S. Clingman (red), *The essential gesture: Writing, politics and places* (New York 1988) 285-286, 290.


52 J. Rancière, *The politics of aesthetics: The distribution of the sensible* (Londen / New York 2011) 19.

53 Sjoch V. Nabokov, 'Russian writers, censors, and readers', yn: V. Nabokov, *Lectures on Russian literature* (New York 1981) 12-17, 13-14.

54 'Prof. Brouwer sprak over de Friese literatuur'.

55 J.H.B., 'Jan Eisenga as Frysk skriuwer', 8.

Troch dizze twa diminsjes te krusen, ûntstean fjouwer kategoryen (sjoch figuer 1).



Figuer 1. Skriuwerskipstypology op de diminsjes foarm-ynhâld en harmony-kontroverze.

Diskusje

De typen fan politisearring fan de literatuer krigen stal troch de fjouwer skriuwerstypen. It analysearre materiaal liet sjen dat ien yndividuele skriuwer, Jelle Brouwer, ferskillende typen wêze koe; de beskreaune typen binne ideaaltypen. De teksten suggerearren sterk—al foel dat aspekt bûten dit ûndersyk—dat de yndividu Brouwer oanienwei de ekspresjeteory fan keunst oanhong. Dy teory, dy't yn de njoggentjinde iuw opkaam, de imitaasje teory fuortdrukte en no kanonyk is, hâldt yn dat it kreative proses selsekspresje is. De essinsje fan keunst is it útdrukken fan autentike emoasjes, dy't op de ien of oare manier yn it wurk komme en dan by it publyk as dat it wurk besjocht, beharket of lêst. Dat past it skriuwerstype 'romantikus', dat lykwols opgien is yn it type Funksjonaris. Want, wylst artistike frijheid in *sine qua non* foar it kreative proses fan selsekspresje wêze soe, like dat proses by Brouwer net sa frij. 'It op- en deljen fan 'e stimmingen út de tiid fan jongfeintelok en -lijen komt yn ferskaat fan fers ta utering ... foarm en geast meie net botte orizjineel wêze, [de dichter] beharsket ien en oar dochs wol tige en bliuwt folslein yn styl.'⁵⁶ Brouwers opfetting ûnderstipet de teoretyske

56 Brouwer, 'Ynliding', 9.

krytyk út de jierren 1950-60 op de ekspresjeteory: orizjinaliteit is net in betingst foar keunst en foar oarspronklikens—wat oars meitsje—is mar in spoar fan frijheid nedich.⁵⁷ ‘Yn styl bliuwe’ is fan beskiedend belang; net artistike frijheid dy’t in polityk aspekt hat. De ideaaltypen makken no it ferlykjen fan dy polityk mooglik.

Polityk is in foarm fan aksje fan minsken mei-inoar, dy’t de oarder, ynklusyf it wurkjen fan it offisjele part fan wat wy gewoanlik de polityk neame—burokrasy, parlemint en hōven—tsjinwurket, mislearje lit en ôfbrekt.⁵⁸ *Depoliticise* betsjut weihelje út ‘e politike aktiviteit of ynfloed.⁵⁹ ‘Depolitisearjen is de âldste taak fan polityk, de taak dy’t syn ferfolging berikt op ‘e doarpel fan syn ôfrin, syn perfeksje op ‘e râne fan de ôfgrûn,’ seit Rancièr.⁶⁰ De ‘paradoksale essinsje’ fan polityk is dat it himsels tagelyk beëvenearret en, oan ‘e ein fan ‘e ideology en it begjin fan it konsolidearjen, útskeakellet; it is ‘de winsk om wierlik politike dingen te dwaan ... en de winsk om in ein oan polityk te meitsjen, der neat mear oer te hearren.’⁶¹ De twa fûnemintele, tsjinoerstelde foarmen fan polityk, depolitisearje en (re)politisearje, binne neat oars as in formulearring fan de oerâlde politike dichotomyen fan konsensus en ‘dissensus’, oarder en frijheid, harmony en kontroverze en foarm en ynhâld.

Depolitisearring krijt syn beslach yn trije foarmen: delegearjen fan kwestjes út de politike beslútfoarming nei (kwasy)publike lichems, privatisearjen, sadat kwestjes in saak fan konsumintekar wurde, en naturalisearjen fan kwestjes as ‘lot’ of ‘needsaak’.⁶² Repolitisearring, troch spontane aksje, iepenbier oerlis en úteinlik polityk debat, makket dêr wer in ein oan.⁶³ Mar salang’t de wyn fan Tresoar út waait is it yn Fryslân noch net safier. Der is in ferskil tusken in *opstelde*, dus bestjoerde, romte fan estetyk, en in *libbe* estetyk, dus de fenomenologyske ûnderfining dêrfan, yn in mienskip.⁶⁴ ‘Mei myn ferbaarnde hân

57 De bekendste útinnoarsettingen fan de swakten fan de teory binne te finen yn Vincent Tomas (1962) en John Hospers (1956, 1959). Sjoch foar in oersjoch H.A. Khatchadourian, *Music, film, & art* (Eugene, OR 2010) 191-192; H.A. Khatchadourian, ‘The expression theory of art: A critical evaluation’, *Journal of Aesthetics and Art Criticism* 23:3 (1965) 335-352.

58 J. Rancièr, *Disagreement: Politics and philosophy* (Minneapolis / London 1999) 29-42.

59 ‘Depoliticize,’ Def.1, OxfordDictionaries.com, Oxford Dictionaries, 2016 <http://www.oxforddictionaries.com/us/definition/american_english/depoliticize> [krigen 10 augustus 2016]. ‘Depolitisearje’ stiet net yn it Frysk wurdboek.

60 J. Rancièr, *On the shores of politics* (Londen 1995) 19.

61 Idem, 11-12.

62 C. Hay, *Why we hate politics* (Cambridge [ensf.] 2007) 80-87.

63 Idem.

64 H. Lefebvre, *The production of space* [1974] (Oxford, UK / Cambridge MA 1991) 53.

haw ik no it rjocht om ... oer de aard fan it fjoer te skriuwen,' skreau Flaubert.⁶⁵ In utering fan it type Pionier giet: '[H]ja beseft, dat dizze wirden ... libbene wierheid drage, mear te betsjutten hawwe as hokker keunstige redenearring oars.'⁶⁶ Situearre ynsjoch, foarme troch eigen begryp en direkte ûnderfining, ûntsnapt oan keunstdefinysjes dy't keunst neutralisearje, himmelje, oersimplifisearje en depolitisearje; it repolitisearret, it ferbynt represintaasje oan transformaasje. Styl is in ûnderskiedende hanneling, mar foarm rekket yn in sosjaal fermidden gauris foarskreaun, it wurdt formalisme. Keunst om 'e keunst is dêrom gjin politisearre skriuwerskip; it is ferbûn oan smaak.⁶⁷ As oan de oare kant 'beweging' ynfolle wurdt mei *ynhâld* en mei mar smelle estetyske termen of, slimmer, as de polityk fan de keunst allinne mar op it aljemint komt as de subjektiviteit fan de skriuwer oan 'e oarder is, rekket it skriuwerskip fierder depolitisearre. In opmerklik foarbyld dêrfan is de resinte *regard médical* nei Gysbert Japicx,⁶⁸ in klinyske blik dy't, sa't Foucault sjen lit, de minske syn identiteit ôfkrijt en syn stim út de politike sfear strykt: Japicx wie net dissident, mar inkeld in medysk gefal.⁶⁹

Wat de opmerklike befiningen oangiet, de frekwinsjes binne net teld, want dizze analyze rjochte him net op kwantifikaasje fan data, mar Fryslân romjen kaam prominint nei foaren: '[D]e hearlikheid fan loft en lân, it soeiende gers, de driuwende wolk, it striken en strûzen fan de wyn, it rûzjen fan de bosken, foar alles wat Fryslân syn bern te bieden hat.'⁷⁰ Fan bylden fan identiteit en mienskip wurdt in krityske yntinsje meastal net begrepen; faak definiearje se de hofstyl dêr't de politike funksje is om it idee fan kultuer oan te passen oan de idealisearre fisj fan de oerheid en it ûnder de noarm te bringen.⁷¹ Ek foel op dat in soad tekst yn de kategoryen 'betingst foar skriuwerskip - yn it moed taasten' en '- libbensechtens' paste. Fan lêzer likegoed as skriuwer like

65 A. Thibaudet, *Gustave Flaubert* [1922] (Parys: Gallimard, 1935) 86.

66 J.H. Brouwer, *Dominé. In forhael* (Hurdegaryp 1933), 23.

67 W. Benjamin, *Charles Baudelaire: A lyric poet in the era of high capitalism* (Londen 1983) 66. Neffens Bourdieu (1979/1984, 250, 260-317) reprodusearret smaak de sosjale struktueren.

68 Sjoch H. de Jong, *Een psychoanalytische studie van poëzie: Geïllustreerd aan de Friesche Tjerne van Gysbert Japicx* (proefskrift, Tilburg University, Gorredijk 2015) 59.

69 M. Foucault, *Naissance de la clinique: Une archéologie du regard médical* [1963] <http://psycha.ru/fr/fouc ault/1963/naissance_clinique.html> [krigen 10 augustus 2016].

70 J.H.B., 'Jan Eisenga as Frysk skriuwer', 7.

71 A. Debeljak, *The hidden handshake: National identity and Europe in the post-communist world* (Lanham / Boulder / New York / Toronto / Oxford 2004) 31-34.

in 'echte' ûnderfining ferwachte te wurden: 'Men krijt de yndruk dat er der net altyd by wie, doe't er de fersen skreau; hat er yn de jachtsjende auto wol safolle sjoen?'⁷² Foar de ynterpretaasje fan dy befining is de betingst fan publyksreaksje as útgongspunt nommen, dy't hearde by de oanbelangjende kategoryen. Literatuer tsjinnet yn de pragmatyske estetyk in funksje en wurdt opfette yn termen fan effekt op it publyk en doelen, lykas mienskiplike ûnderfiningen. Dy opfetting lit net ta dat keunst himsels apart set fan it deistich libben en him lossnijdt fan syn woartels yn 'e kultuer en de minsklike natuer:⁷³ 'In roman wurdt der op himsels net better fan as dy ... oer in frjemd lân en oer moderne kommunikaasjemiddels giet. [De dichter] hoecht him wier net te skamjen foar syn "hoesbakken" poëzij, "natuurgedichten".⁷⁴ Mar libbensechte keunst is altyd ferbûn oan hegemony en jild. Libbensechte keunst is wurk ûntdien fan syn sykjen nei ferskil en kontradiksje, mei oare wurden ûntdien fan wat it keunst makket; it is wurk dat him konformearre hat oan de keunstnoarm en om dy reden 'wiere keunst' neamd wurdt. De jildwearde fan keunst hâldt de neoliberale myte yn stân, dat keunst goed is foar ús sosjale súnens.⁷⁵ Dêrby is keunst as ropping, dus it idee dat de skriuwer in spirituele oprop ûntfangt om syn paad te folgjen—'De stille plicht is my in tear gedicht'⁷⁶—te sjen as ûnútsprutsen kultuerbelied.⁷⁷ De skriuwerij is depolitisearre troch him 'ropping', dat wol sizze 'lot' te meitsjen en it paad rint nei 'wiere keunst.' It is dus gjin wûnder dat libbensechte keunst gauris ûnderdiel is fan kulturele eveneminten: *By the community, for the community: OMG it looks just like a real donut.*

Konklúzjes

Om de politisearring fan de Fryske literatuer te beskriuwen haw ik in soarte fan 'pilot test' útfierd, dêr't ik in blinde steekproef foar nommen haw fan wurken fan de skriuwer, wittenskipper en bestjoerder Jelle Brouwer (n=40). Yn dat materiaal haw ik besjoen hokker skriuwerstypen (rollen,

72 J.H. Brouwer, 'Jan Boer, sjongend hert fan Nederlân', yn: S. Jensema (red.), *Boer op wenakker. n Feestbundel, Jan Boer aanbod op zien 65-ste joardag, soamensteld en inlaaid deur Sien Jensema* (Winschoten 1964) 10-14, 11.

73 J. Dewey, *Art as experience* (New York 1934) 4-5, 8.

74 J.H. Brouwer, 'Jan Boer, sjongend hert fan Nederlân', 11.

75 A. Jelinek, *This is not art: Activism and other 'not-art'* (Londen / New York 2013) 102-107.

76 J.H.B., 'Nei klearder kimen', XVIII, 23.

77 S. Sofio, 'La vocation comme subversion', *Actes de la recherche en sciences sociales* 3:168 (2007) 34-49 http://www.cairn.info/article.php?ID_ARTICLE=ARSS_168_0034 [kriegen 20 augustus 2016].



funksjes, plichten, ensf.) ôfbylde binne. Ik haw in ynduktive methodology tapast, elke ynstânsje earst iepen en doe mei help fan *cues* iteratyf kodearre en sa de kategoryen werombrocht ta fjouwer kearnkategoryen oftewol skriuwerstypen. De identifisearre skriuwerstypen joegen stal oan fjouwer typen fan politisearring; op dy manier is út it materiaal in model fan de politisearring fan de Fryske literatuer ôflaat. Yn myn analyze ûntbrekt de gebrûklike ûnôfhinklike kodearring troch in twadde ûndersiker, sadat in nije stúdzje nedich is op basis fan dizze foarriedige befiningen.

Dit ûndersyk hat gâns mear ynsjoch jûn yn de politisearring fan de Fryske literatuer. Wie it hearskjende idee, dat de Fryske literatuer altyd politisearre wie, om krekt te wêzen, dat Fryske literatuer om't it de Fryske taal brûkte per definysje in polityk boadskip útdroech; de útkomst fan dit ûndersyk is dat it skriuwen foar Fryslân in *depolitisearre* type fan skriuwerskip is. Dat skriuwerskip is offisjeel erkend, it diskriminearret net op styl (behearsking), it is ûnyntellektueel, tagonklik foar in breed publyk, net skeptysk, frij fan polityk skeel en redendielen en as sadanich rjochte op legitimearring en homogenisearring fan de Fryske literatuer. De fjouwer typen fan skriuwerskip kinne ferdield wurde oer twa diminsjes, foarm-ynhâld en harmony-kontroverze. It boppeneamde skriuwerskipstype, de Funksjonaris, rjochtet him op de ynhâld fan it skriuwen en it bewarjen fan harmony en omfettet de offisjele parse, de grutte literêre gearkomsten en de kanonisearre wurken. De Publisist rjochtet him op ynhâld en kontroverze en is assosjearre mei kritiken, satire, lytse parse en propaganda. De Pionier hâldt him dwaande mei de foarm fan it skriuwen en mei kontroverze; hy skriuwt de baanbrekkende poëzij mei syn manifesto's. De Esteet, as lêste, rjochtet him op foarm en op harmony; hy produsearret de yntellektuele artikels en ek de morele en sentimintele fiksje.

It model dat konstruearre is fan de politisearring fan de literatuer, basearre op de oanname dat politike posysjes ferbûn binne mei de auteur en mei syn tekst, is unyk en needsaaklik. In komponint fan polityk yn de keunst is it skeppen fan mienskippen dy't tastean wat dy mienskippen besprekke, begripe en kritisearje, yn en bûten de mienskip. Depolitisearjen betsjut dat it politike boadskip fan de skriuwer ferswakke oerkomt troch it net begripen en it ûnderdrukken fan de skriuwersyntinsje, sadat in politike aginda nea klear útsprutsen is. Dat liedt ta in fan autentike oertsjûgingen en idealen ûntdiene oerdracht fan feiten en de sleur fan mimerij oer it deistich libben; krytyk ferdwynt út dit skriuwerskip en foar de skriuwers likegoed as de lêzende mienskip bliuwt as hâldfêst inkeld it dermei iens wêzen oer.

De politisearring fan de Fryske literatuer is in proses fan (re)politi-



searjen en depolitisearjen, dat yn it model fette is as de harmony-kontroverzediminsje. Dy diminsje rint lâns de line fan macht en kontrôle. ‘Eltse keunstner ... hat it rjocht om frij te skeppen, syn ideaal te folgjen nettsjinsteande alles,’ sei Lenin, ‘lykwols, wy ... hearre der net passyf by te stean en gaos frije leie jaan om him te ûntjaan. Wy moatte dit proses stjoere neffens in útwurke plan en de opbringsten foarmje.’⁷⁸ Op ferlykbere wize hoede Douwe Kalma jonge dichters foar it brede paad: ‘Mar it meast te bekleien binne jitte sokke “jongeren” dy’t ... har oerhelje litte om ... de dwaalwei yn to slaan, wêrop it wylde skynsel fan folkskeunst har foarljochtet, tewile hja har wyt, sûne en bliuwende keunst te jaan, nea berikke, har bespotlik meitsje troch op nuver-brike trant de “ûntwikkele” Friezen te ûntheljen op in rymlerij.’⁷⁹ It tydskrift *De Holder*, dêr’t Jelle Brouwer redakteur fan wie, reagearret op Kalma syn behearskjen fan de literêre opbringsten mei in misje fan artistike frijheid: “De Holder” wol it plak wêze dêr’t elts dy’t wat belangryks te sizzen hat ... him uterje kin.’⁸⁰

Mar de kontrôle wurdt net minder as keunst alle frijheid ‘nettsjinsteande alles’ krijt. Ommers, de frijheid om te skeppen wurdt útroppen fan it erkende, dominante fjild út. In depolitisearre kultuer is net better foar keunst, om’t depolitisearring neat oars is as konsolidearre oarder. Fierder makket de hjoeddeiske dichter Jaap Veenstra dúdlik dat in folslein objektive, moreel neutrale beneiering fan de wrâld gjin ûnpartich humanisme is, mar wredens: ‘altyd freonlik en joviaal / ... reducearret er subjekten ta / objekten fan oanstjoering / funksjonele marionetten.’⁸¹ Literatuer as keunst bestiet allinne mar as skriuwers watfoar dogma’s dan ek, ynbegrepen ‘keunst om ’e keunst’, ôfwize. Better as literatuer te yntegrearjen yn offisjeel belied om de kultuer goed stjoere te kinnen, docht Fryslân deroan om skriuwers te ynspirearjen syn gesachssystemen te betwifeljen—as Fryslân literatuer oerhâlde wol.

- 78 Frij sitarre yn V. Nabokov, ‘Russian writers, censors, and readers’, yn: V. Nabokov, *Lectures on Russian literature* (New York 1981) 12-17, 14; folslein sitarre yn C. Zetkin, ‘My recollection of Lenin’, yn: V.I. Lenin, *On culture and cultural revolution* (Moskou 1970) 232. ‘Every artist ... has the right to create freely, to follow his ideal regardless of everything. But then, we are Communists, and ought not to stand idly by and give chaos free rein to develop. We should steer this process according to a worked-out plan and must shape its results.’
- 79 D. Kalma, ‘Fen Fryslâns fjilden: Rinke Tolman’, *Leeuwarder Courant*, 19 desimber 1914, 17-18, 17.
- 80 Yntekenfel 2. Yntekenfel foar abonnemint, ynsletten by de ôfleveringen fan de twadde jiergong fan tydskrift *De Holder* (Dokkum 1927).
- 81 J. Veenstra, *Gatten yn it tek / Gaten in het dak* (De Gerdyk 2016), 20.

Primêre boarnen

- J. [J.H. Brouwer], 'Allinne', *Frisia* 1 (1917) 359.
B. [J.H. Brouwer], 'Ynlieding', *Jong Fryslân* 1 (1918) 1-2.
fen U.I.F.F. [J.H. Brouwer], 'Sonnet' (Wâldblomkes II), *Sljucht en Rjucht* 22 (1918) 295-296.
L. Feenstra [J.H. Brouwer], 'Langstme nei rêst', *It Heitelân* 1 (1919) 268.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Joundream', *Frisia* 4 (1920) 30.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Hjerstdei', *Frisia* 4 (1920) 36.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Hwet forgiet', *Frisia* 4 (1920) 119.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Nei klearder kimen II, XII, XV, XVII, XVIII', *Frisia* 5 (1921) 21-23.
J.B. [J.H. Brouwer], 'Excelsior', *Jonge Strijd* 8:5 (1921) 1.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Avend', *Jonge Strijd* 8:7 (1921) 1.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Blommepronk', *De Holder* 1 (1926) 13.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Swalkerssankje', *De Holder* 1 (1926) 58-59.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Printsje', *De Holder* 1 (1926) 88.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Skipperswiif' *De Holder* 1 (1926) 120.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'De staech', *De Holder* 2 (1927) 74.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Romance', *De Holder* 2 (1927) 119.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Hjerst', *It Heitelân* 13 (1931) 341. (Yn memoriam R.W. Canne.)
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Op hûs yn', *It Frysk Volksblêd* 2 [nû. 12] (1932) 46.
B. [J.H. Brouwer], 'Frou', *It Heitelân* 14 (1932) 343.
J.H. Brouwer, *Dominé. In forhael* (Hurdegaryp 1933).
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'In string fersen', *Frisia* 15 (1933) 269-280.
J. [J.H. Brouwer], 'Us tiid', *It Forbân* 3 (1934) 97.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'De swalker', *It Heitelân* 16 (1934) 4.
B. [J.H. Brouwer], 'Basterd', *It Heitelân* 16 (1934) 202.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'De earste Maeie', *It Forbân* 4 (1935) 79.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'It Frysk op 'e skoalle', *Leeuwarder Nieuwsblad*, 30 april 1936, 2.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'Noch in sankje ta beslút', *It Heitelân* 18 (1936) 101.
J.H. Brouwer, *Jan Jansz Starter* (Assen 1940).
Jelle [J.H. Brouwer], 'De eintsjes en it jonkje', *It Heitelân* 23 (1941) 23-24.
J.H. Brouwer, 'By in fers („It hart” fan D.A. Tamminga)', *Algemien Frysk Jongereinblêd* 4:20 (1943) 1.
J.H.B. [J.H. Brouwer], 'De mienskip ropt', *Drachtster Krante [Dragtster Courant]*, 10 july 1945, 1.
J.H. Brouwer, 'In memoriam dr. G.S. Overdiep, geb. Vries 13 Nov. 1885, overl. Groningen 12 Dec. 1944', yn: Drentsche Studiekring D.H. van der Scheer, *In [Willem] Seymour Mulder's voetspoor... Drentse Rymkrans* (ge-

- dichten en rijmprent-teksten) gevlochten rond de “Drentsche Studiekring D.H. van der Scheer” onder de zinspreuk “Byna in ’t verborgen bloeiende” (Joh. Th.[eunis]), 12 maart 1945 (Assen 1945) 21; Drente 16 (1945) 14.
- J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘It fryske boek’, *It Heitelân* 26 (1948) 211.
- J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘Jan Eisenga as Frysk skriuwer’, yn: J. Eisinga, *Jan Eisenga, strider en dichter, in bondel poëzij en proaza* (Drachten 1948) 5-8.
- B./J.H.B./J.H.B. [J.H. Brouwer], ‘Nije boeken’, *It Heitelân* 27 (1949) 276.
- J.H. Brouwer, *Fryske styl; ynlieding ta it genietsjen fan literaire moaijens oan ’e hân fan R.P. Sybesma syn Boerke Thae* (Assen 1952); J.H. Brouwer, ‘Stilistyske stúdzje’, yn: R.P. Sybesma, *Boerke Thae* (Ljouwert 1978) 95-150.
- ‘Prof. Brouwer sprak over de Friese literatuur’, *Leeuwarder Courant*, 15 febrewaris 1954, 5.
- J.H. Brouwer, ‘Ynlieding’, yn: J. Hansen en J.H. Brouwer, *Frucht fan toarre groun. Fersen fan Johannes Hansen (1854-1877)* (Drachten 1960) 7-9.
- J.H. Brouwer, ‘Jan Boer, sjongend hert fan Nederlân’, yn: S. Jensema (red.), *Boer op wenakker. n Feestbundel, Jan Boer aanboden op zien 65-ste joardag, soamensteld en inlaaid deur Sien Jensema* (Winschoten 1964) 10-14.
- J.H. Brouwer, ‘Obe Postma’, yn: J.J.M. Aerts et al. (red.), *Moderne encyclopedie der wereldliteratuur* 7 Por-Schaw (Gent 1972) 14-15.

Sekundêre boarnen

- Abrams, M.H., *The mirror and the lamp* (London 1971).
- Baarda, D.B. et al., *Basisboek kwalitatief onderzoek: Handleiding voor het opzetten en uitvoeren van kwalitatief onderzoek*, 2e hielendal oanpaste printinge (Groningen / Houten 2009).
- Barth, F., ‘Introduction’, yn: F. Barth (red.), *Ethnic groups and boundaries: The social organisation of culture difference* (London 1969) 9-38.
- Benedict, B.M., ‘Readers, writers, reviewers, and the professionalization of literature’, yn: T. Keymer en J. Mee (red.), *The Cambridge companion to English literature, 1740-1830* (Cambridge 2004) 3-23.
- Benjamin, W., *Charles Baudelaire: A lyric poet in the era of high capitalism* (Londen 1983).
- Benoit, W.L., ‘Content analysis in political communication’, yn: E.P. Bucy en R. L. Holbert (red.), *The sourcebook for political communication research: Methods, measures, and analytical techniques* (New York / Londen 2013) 268-279.
- Bourdieu, P., *In other words* (Stanford, CA 1990).
- Brouwer, J.H., ‘Soasialistyske kinst yn Fryslân?’, *It Forbân* (1932) 79-80.
- Carroll, C.E., ‘Content Analysis’, yn: C.E. Carrol (red.), *The SAGE encyclopedia of corporate reputation* (Thousand Oaks, CA 2016) 156-159.
- Debeljak, A., *The hidden handshake: National identity and Europe in the post-communist world* (Lanham / Boulder / New York / Toronto / Oxford

- 2004).
- Dewey, J., *Art as experience* (New York 1934).
- Dijk, T.A. van, *Macrostructures* (Hillsdale, NJ 1980).
- Dykstra, A., *J.H. Halbertsma als lexicograaf. Studies over het Lexicon Frisicum (1872)* (Ljouwert 2011).
- Elo, S. et al., 'Qualitative content analysis: A focus on trustworthiness', *SAGE Open* 4:1 (2014) 1-10 <<http://sgo.sagepub.com/content/4/1/2158244014522633.full.print>> [krigen 10 augustus 2016].
- Foucault, M., *Naissance de la clinique: Une archéologie du regard médical* [1963] <http://psycha.ru/fr/foucault/1963/naissance_clinique.html> [krigen 10 augustus 2016].
- , 'What is an author?', yn: D. Bouchard (red.), *Language, counter-memory, practice: Selected essays and interviews by Michel Foucault* (Ithaca, NY 1977) 113-138.
- Glaser, B.G. en A.L. Strauss, *The discovery of grounded theory: Strategies for qualitative research* (New York 1967).
- Gordimer, N., S. Clingman (red.), *The essential gesture: Writing, politics and places* (New York 1988).
- Grenier, Y., 'Milan Kundera on politics and the novel', *History of Intellectual Culture* 6:1 (2006) <<http://www.ucalgary.ca/hic/issues/vol6/3>> [krigen 9 jannewaris 2017].
- Hay, C., *Why we hate politics* (Cambridge [ensf.] 2007).
- Holsti, O.R., *Content analysis for the social sciences and humanities* (Reading, MA 1969).
- Hsieh, H.-F. en S.E. Shannon, 'Three approaches to qualitative content analysis', *Qualitative Health Research* 15:9 (2005) 1277-1288.
- Jelinek, A., *This is not art: Activism and other 'not-art'* (Londen / New York 2013).
- Jong, H. de, *Een psychoanalytische studie van poëzie: Geïllustreerd aan de Friesche Tjerne van Gysbert Japix* (proefskrift, Tilburg University, Gorredijk 2015).
- Joyce, J., *A portrait of the artist as a young man* (New York 1916).
- , 'The dead', yn: J. Joyce, *Dubliners* (Londen / Toronto / Sidney / New York 1981).
- Kalma, D., 'Fen Fryslâns fjilden: Rinke Tolman', *Leeuwarder Courant*, 19 desimber 1914, 17-18.
- Khatchadourian, H.A., *Music, film, & art* (Eugene, OR 2010).
- Lefebvre, H., *The production of space* [1974] (Oxford, UK / Cambridge MA 1991).
- Mayring, P., *Qualitative content analysis: Theoretical foundation, basic procedures and software solution* (Klagenfurt 2014).
- Morón Arroyo, C., *The humanities in the age of technology* (Washington

- 2002).
- Nabokov, V., 'Russian writers, censors, and readers', yn: V. Nabokov, *Lectures on Russian literature* (New York 1981) 12-18.
- P. 'Fryske saken', *Leeuwarder Courant*, 17 july 1948, 5.
- Patton, M.Q., *Qualitative research and evaluation methods* (Thousand Oaks, CA 2002).
- Poepjes, S., 'Gysbert Japicxpriis 2015 voor e-bookroman', *Taspraak útriking Gysbert Japicxpriis*, Boalsert 10 oktober 2015 <<http://www.fryslan.frl/15557/gysbert-japicxpriis-2015-voor-e-bookroman/>> [krigen 31 maart 2015].
- Proudhon, P.-J., *Du principe de l'art et de sa destination sociale* (Parys 1865).
- Provinsje Fryslân, *Mei elkenien, foar elkenien: Koälysjeakkoart 2015-2019* (Provinsje Fryslân 2015).
- Rancière, J., *Disagreement: Politics and philosophy* (Minneapolis / London 1999).
- , *On the shores of politics* (Londen 1995).
- , *The politics of aesthetics: The distribution of the sensible* (Londen / New York 2011) 19.
- Scholten, M.K. en B. van der Veen, 'De bibliografy fan Jelle Hindriks Brouwer (1900-1981), Opmakke fan M.K. Scholten en Bauke van der Veen yn oparbeidzjen mei Teake Hoekema', *Us Wurk* (1982), 30/130-84/184.
- Sofio, S., 'La vocation comme subversion', *Actes de la recherche en sciences sociales* 3:168 (2007) 34-49 <http://www.cairn.info/article.php?ID_ARTICLE=ARSS_168_o_034> [krigen 20 augustus 2016].
- Thibaudet, A., *Gustave Flaubert* [1922] (Parys 1935).
- Thomas, D.R., 'A general inductive approach for analyzing qualitative evaluation data', *American Journal of Evaluation* 27:2 (2006) 237-246.
- Veenstra, J., *Gatten yn it tek / Gaten in het dak* (De Gerdyk 2016).
- Waanders, M. et al., 'Gysbert Japicxpriis 2015: 'Fryslân, de gouden hoep'' [sjueryrapport Gysbert Japicxpriis 2015], 10 oktober 2015 <http://www.sirkwy.nl/cms/FCKeditor/cstmFiles/wwwsirkwynl/pdf5_yn_h_algnei-21-4-2013/gj_2015_advysrapport_frysk_definityf.pdf> [krigen 31 maart 2016].
- Wright, S., 'The politicization of 'culture'', *Anthropology Today* 14:1 (1998) 7-15.

↑